

**SKRIFTLIKE FRAGEN, eks kêst 42 Reglemint fan Oarder**

Rjochte oan DS / lid DS	DS
Ynljedende taljochting (fakultatyf)	<p>Nei in pear artikels earder dizze moanne, stie saterdei yn de Ljouwerter Krante<sup>1</sup> in eftergrûn-rapportaaazje oer de wegering fan it kolleezje fan Deputearre Steaten om in fergunning te ferlienen. Dêrby giet it om in hiele lytse deposysje. Dy fergunning hat it Wetterskip Fryslân oanfrege om op koarte termyn te starten mei wurksomheden dy't nedich binne om op 'en doer oan de wetterkwaliteitseasken fan de KRW (ramtrjochtljine wetter) te foldwaan. Dat is in doel dêr't it Wetterskip en de provinsje Fryslân tegearre foar oan de latte steane.</p> <p>De FNP Steatefraksje hat de yndruk dat de opstelling fan it kolleezje by it ferlienen fan de fergunning ûnnedich beheinend is en it kolleezje in twatal moasjes yn de Steaten op in ferkearde wize ynterpretearret. Dêrmei docht it kolleezje skea oan it beheljen fan de eigen doelen en oan de relaasje mei it Wetterskip, dy't ien fan ús wichtichste partners is by it beheljen fan de opjeften yn de transysje fan ús lanlik gebiet.</p>
Fraach / fragen	<p><b>Trajekt fan it ferlienen fan in natuer- (stikstof-) fergunning troch Deputearre Steaten</b></p> <p>Sûnt 2020 wurkje de provinsje en it wetterskip gear oan it projekt om de wâlskanten minder steil te meitsjen, wat in posityf effekt hawwe sil op de wetterkwaliteit en dus op it heljen fan de doelen fan de KRW. Yn de simmer wurdt in oanfraach dien foar in natuerfergunning, sadat it wurk foar it briedseizoen fan 2024 klear wêze kin.</p> <ol style="list-style-type: none"> <li>1. Neffens de berjochten yn media en uterings troch it Deistich Bestjoer fan it Wetterskip binne de tariedingen fan it projekt yn goede gearwurking en ôfstimming ferrûn.<sup>2</sup> Wannear waard by it kolleezje bekend dat der mooglik in probleem wêze kinne soe by it ferlienen fan de fergunning?</li> <li>2. Neffens de krante wie der healwei de tarieden ek it idee om tydlik stikstofrjochten fan it Fryske Gea te brûken, mar is fan dy opsje</li> </ol>

<sup>1</sup> Ljouwerter Krante, 'Hoe 0,03 Mol een bizar struikelblok kon worden bij Grou', 18 novimber 2023; 'Dit is waarom de provincie een waternatuurproject bij Grou tegenhield', 11 novimber 2023; 'Stikstof frustrleert natuurplekt Grou', 9 novimber 2023;

<sup>2</sup> DB-lid Monique Plantinga op de Kommisjegearkomste Diken, Stêden, Finânsjes fan it AB fan 6 novimber 2023:, wurklistpunt 11:

*'In het AB van 17 oktober jl. is door de FNP gevraagd of het klopt dat er een knelpunt is ontstaan bij het project natuurvriendelijke oevers bij Grou? En in de beantwoording heb ik toen aangegeven dat het inderdaad het geval is en dat overleg hierover gaande is met de provincie. Inmiddels zijn er nieuwe ontwikkelingen en daar willen wij u graag over informeren. De natuurvriendelijke oevers Grou is een project uit het Kaderrichtlijn Water maatregelenprogramma. Wij hebben deze zomer een vergunningaanvraag ingediend in het kader van het natuurbeschermingswet, aangevraagd bij de provincie. De vergunning is nodig, omdat bij de werkzaamheden, bij de aanleg van de natuurvriendelijke oevers komt een beetje stikstof vrij en dat slaat neer, een deel daarvan, in het Natura2000-gebied de Alde Feanen. Vanuit de provincie was een zogenaamde salderingsoplossing aangereikt ter compensatie van die uitstoot en wij hebben medio oktober, dus nog kort geleden, is op deze oplossing onverwacht een knelpunt ontstaan. En sindsdien is er intensief gesproken over gesproken met de provincie, de afgelopen weken, maar helaas. Ik moet hierbij melden, de salderingsregeling is niet haalbaar gebleken en die is nu van tafel. En dat betekent dat dit project natuurvriendelijke oevers Grou nu geen doorgang kan vinden voor het broedseizoen van 2024 en of er daarna nog een oplossing mogelijk is, dat is onzeker. Wij gaan nu een ultieme poging doen voor een oplossing, bijvoorbeeld nog meer inzetten op emissieloos werken, maar wij kunnen nu geen zekerheid geven. Wij gaan u op de hoogte houden. Als er weer ontwikkelingen zijn, laten wij dat weten en wij komen sowieso erop terug bij de tussentijdse maatregelenevaluatie van de KRW, en dat is al in februari komend jaar.'*

gjin gebrûk makke omdat de provinsje in eigen oplossing útstelde. Wêrom is foar dy oplossing keazen; in oplossing wêrfan't it kolleezje no seit dat dy net mooglik is? Hie de fergunning mei de oplossing fia it Fryske Gea wol ferliend wurde kinnen?

3. It kolleezje hat yn syn gearkomste fan 31 oktober it beslút oer de ferliening fan de fergunning oanhouden, dat yntusken amtlik taret wie.<sup>3</sup> Yn de jongste beskikbere besluteliste fan 7 novimber komt it ûnderwerp net foar.<sup>4</sup> Hat it kolleezje yntusken in beslút naam of is it noch hieltyd oanhouden? Soe dat beslút dochs noch posityf útfalle kinne? En wat is dêr dan foar nedich?

**De ynterpretaasje fan de tekst fan it Bestjoersakkoart 'Oparbeidzje foar Fryslân' en fan moasjes fan Provinsjale Steaten**

Yn de krante jout de deputearre fan lânbou/FPLG oan dat it kolleezje net oars kin, omdat it beskikber stellen fan provinsjale stikstof yn giet tsjin it bestjoersakkoart en tsjin in moasje fan de Steaten fan maaie 2022.<sup>5</sup> Ek op 8 novimber 2023 hat de Steaten noch in moasje<sup>6</sup> oer de fergunningferliening fan PAS-melders oannaam, de lêste moasje ek mei de stipe fan de FNP Steatefraksje.

Yn it bestjoersakkoart 'Oparbeidzje foar Fryslân' stiet op side 10:

*“Foar wat stikstof oanbelanget is der in groep boeren dy't al in hiel skoft yn ûnwissichheid sit: de PAS-melders en oare knipegefallen. Wy fine dat it Ryk sa gau mooglik soargje moat foar legalisaasje fan dy groep. Binnen ús mooglikheden sette wy alles op alles om harren te helpen. Sy fertsjinje ús stipe.”*

En op side 12 fan it bestjoersakkoart stiet:

*“Om PAS-melders en oare knipegefallen fluch te helpen, dogge wy wat wy kinne. Dat easkje wy ek fan it Ryk.”*

De moasje út maaie 2022 frege om it folgjende:

*‘Alle stikstofruimte (afkomstig uit landbouw) die in handen is of komt van de provincie met voorrang in te zetten voor het legaliseren van PAS-melders en andere knelgefallen’*

En de moasje fan 8 novimber 2023:

*‘Verzoeken het college van Gedeputeerde Staten met spoed te werken van het legaliseren van de PAS-melders. Hiervoor ruimte te zoeken in bijv. door de provincie opgekochte bedrijven voor gebiedsontwikkeling. Provinciale Staten voor het einde van het jaar te informeren over het aantal gelegaliseerde PAS-meldingen.’*

Neffens de krante ynterpretearret de deputearre fan lânbou/FPLG dit as in soarte fan ferbod om provinsjale stikstofruimte beskikber te stellen foar oare doelen as foar it legalisearjen fan PAS-melders. De FNP Steatefraksje sjocht dat oars en slút it gebrûk foar oare doelen net kategorysk út.

4. Tinkt it kolleezje dat it tsjinhâlden fan it projekt fan de natuerfreonlike wâlskanten by Grou, mei in hiel lytse (en tydlike)

<sup>3</sup> Besluteliste gearkomste fan DS, 31 oktober 2023;

<sup>4</sup> Besluteliste gearkomste fan DS, 7 novimber 2023;

<sup>5</sup> Provinsjale Steaten, moasje 'Oplossing bieden PAS-melders', 25 maaie 2022;

<sup>6</sup> Provinsjale Steaten, moasje 'Voorrang PAS-melders', 8 novimber 2023;

	<p>deposysje fan 0,03 mol/ha, helpt om PAS-melders en oare knipegefallen fluch te helpen?</p> <p>5. Yn it debat by de begrutting op 8 novimber joech de deputearre fan lânbou/FPLG oan dat it kolleezje de moasje 'Vorrang PAS-melders' sympatyk fûn, mar dat der wol konsekwinsjes mei ferbûn wienen.<sup>7</sup> Wêrom hat de deputearre yn dat debat it probleem mei it projekt fan it Wetterskip net oansprutsen, hoewol 't ferskillende partijen nei mooglike konsekwinsjes frege hawwe? Dat projekt wie in wike earder al oanhouden troch it kolleezje.</p> <p>6. Oant no ta is ien fan de 220 PAS-melder yn Fryslân legalisearre, de provinsje jout yn de begrutting fan 2024 oan dat it yn 2024 noch 10 melders legalisearje wol. Kin it kolleezje oanjaan oft it tydlik beskikber meitsjen fan romte dizze ambysje yn de wei stiet? En as dat sa is, hoefolle PAS-melders minder kinne der legalisearre wurde as de stikstofromte foar it projekt by Grou troch giet, of hoefolle letter hienen dy PAS-melders legalisearre wurde kinnen? Ommers, it projekt by Grou soe mar oant it briedseizoen duorje.</p>
--	--

<sup>7</sup> Beântwurdiging deputearre Femke Wiersma by Provinsjale Steaten 8 novimber 2023, punt 6 (minút 4:54-5:00):

**Femke Wiersma:** Ik begjin mei BBB, de hear Kooistra dy hat it wurd naam oer benammen de PAS-melders en syn soargen dêrfoar útsprutsen. Ek oer de frijfallen romte om dat yn te setten foar de PAS-melders en ek de hanthaveningsfersiken rinne op om dêr de romte yn te sykjen. Dêr is in moasje foar yntsjinne. Ik wol allerearst sizze dat wy dêr no júst ek mei besich binne om te sjen hoe't wy dy stikstof mei prioriteiten ferdiele kinne. Dêr komme wy op koartst mooglike termyn ek mei belied nei jimme ta, nei de Steaten, om it dêr fierder oer te hawwen. Dizze moasje stjoert dêr hiel sterk op, om de prioritering fan de PAS-melders – wat ek hiel terjochte is – wy hawwe dat net foar neat ek yn it bestjoersakkoart beneamd dat PAS-melders de heechste prioriteit fertsjinje. It betsjut wol dat fergunningferliening foar oare projekten wol ekstra muoilik wurdt as de PAS-melders daadwerkelijk de heechste prioriteit yn it belied krije. Dat is wol wat ik hjir dellizze wol, desalniettemin fyn ik it in sympatike moasje en kinne wy dy 'oardiel Steaten' jaan, omdat dy yn lijn is ek mei ús bestjoersakkoart.

**Maarten Goudzwaard (JA21):** Kinne jo dan, foarsitter, it is net myn moasje, mar wy krije no te hearren as Steaten, 'wy fine it as kolleezje sympatyk', mar as wy no de PAS-melders de frijheid jouwe, wat ik ek sympatyk fyn, dan hat dat wol konsekwinsjes foar oare partijen. Kinne jo dat taljochtsje, wêr moat ik dan presys oan tinke? Dan wurde wenten bijvoorbeeld net boud, dat sil dat betsjutte? Dat sizze jo?

**Femke Wiersma:** Dat hinget der fan ôf natuerlik, watfoar romte je wêrfoar frijmeitsje, mar op dit momint is de situaasje wol sa dat it nije belied op it gebiet fan stikstof, dat is in hiel muoilik dossier, it sit best wol fêst. Der is in additionaliteitsvereiste, dat is resint ek yn it stikstofbelied kaam, dat betsjut dat in hiel soad fan de stikstofromte dy't wy yn foarried krije, dat dy earst oanwend wurde moat foar de natuer, dêr sit in kontrôle op. En dat betsjut dat it op dit stuit hiel lêstich is om überhaupt projekten te fergunnen. Dat is de stân fan saken, dat is yn hiel ús lân no it gefal. Dus as wy dêr in ekstra prioritering, dat makket de situaasje net ynfâldiger, om it sa mar te sizzen

**Maarten Goudzwaard (JA21):** Ik fyn it in hiel lêstige. Sjoch, jo fine it sympatyk en ik wol graach de PAS-melders ek de frijheid gunne, dat haw ik hjir al jierrenlang betoehd, allinne ik wit net wêr't ik dan ja tsjin sis. Tsjoch, as it betsjut dat in stikje natuer net fierder wurdt útwreide, no dat fyn ik fantastysk. Want wy hawwe der al genôch fan.

Mar as dat betsjut dat wentebouprojekten net trochgeane, en dat dan jongerein oant har 40ste thúshús wenje moatte, dat wol ik net, dus wêr stim ik no foar? Ik fyn it hiel spannend, wêr stim ik foar of tsjin? En jo sizze sympatyk, mar?

**Femke Wiersma:** ja, tank foarsitter, it goede nijs is wol dat in hiel soad wentebouprojekten gewoan trochgean kinne, omdat dy net deposysje feroarsaakje, of dy kinne dêr yn de berekening sis mar op in bepaalde boumanier rekkening mei hâlde dat se ûnder dy rekkenkundige ûndergrins bliuwe, dus der sille altyd projekten wêze dy't trochgean kinne, mar de fergunningplichtige projekten, dat leit op dit momint behoarlik fêst. Of wy PAS-melders prioriteare of net, dan noch, is it in hiele precare kwestje op dit momint. Der is hiel weinig stikstofromte, it is lêstich om dy romte út te jaan en it is krekt as hjoed it hiele debat oer de begrutting, jild dat je net hawwe kinne jo ek net útjaan, dat jildt ek foar stikstofromte, romte dy't der net is kinne wy net fergunne, dat is no ienkear de huidige wet, dat der earst deposysje frijmakke wurde moat en no mei de NDA's dy't fêststeld binne, dy hawwe der ek wer ynfloed op mei dat additionaliteitsvereiste. Dan duorret it noch langer foardat je wer fergunne kinne.

**Klaas Zwart (PvdA):** Tankewol foar it kompleete antwurd fan de deputearre, want dit hat dus wol konsekwinsjes, mooglik. En ik tink dat it ek foar de yntsjinners fan de moasje – wy steane sympatyk, foar alle dúdlikheid, en net allinne foar de PAS-melders sels, mar ek foar de oare knelgefallen, Mar earlik is earlik, wy moatte wol witte wat de konsekwinsjes binne. Wy kinne net moasjes oannimme as wy net witte wat de konsekwinsjes binne. En de deputearre jout oan dat der mooglike konsekwinsjes binne en ik wol fan de BBB graach hearre hoe't wy fierder geane mei dizze moasje.

**Jochem Knol (GrienLinks):** Dank u wel voorzitter. Ik heb vanochtend ook gevraagd aan BBB of het dictum aangepast kan worden. Dus ik ben benieuwd of hier gesproken wordt over de aangepaste motie, want daar wordt gezegd ook over andere knelpunten. En als we dat meenemen, dan denk ik dat je die ruimte er wel in hebt zitten.

**Femke Wiersma:** Ik hear dit as in fraach nei de partij, dus ik gean der fan út dat dêr anst antwurd op komt.

	<p>7. Wat is de wize fan behanneljen fan (stikstof-)fergunningsoanfragen by de provinsje. Is dy wetlik fêstlein? Wurde fergunningsoanfragen op folchoarder fan ynkommen behannele, of wurde projekten op in oare wize prioritearre?</p> <p><b>Alternativen</b></p> <p>8. Neffens it artikel fan krante is in oplossing fia it tydlik ôfstean fan stikstofrjochten troch it Fryske Gea oan kant lein. Kin mei dy oanpak it projekt dochs noch fergund wurde? As dat net sa is, wat binne dan de redenen dat dy oanpak no net (mear) slagget?</p> <p>De rjochtbank Midden-Nederlân die ferline wike útspraak<sup>8</sup> yn in tal saken dy't MOB (<i>Mobilisation for the Environment</i>) oanspand hie tsjin de provinsje Flevolân. Yn beide útspraken gie it om bedriuwen dy't in hiel lyts bytsje delslach op natuergebieten feroarsaakje. Mei in 'passende beoordeling' op basis fan ridlik beheinde ûndersyksrapporten mocht de provinsje Flevolân fan de rjochter de ôfwaging meitsje om de bedriuwen te fergunnen.</p> <p>9. Kin de wei dy't de provinsje Flevolân by de twa bedriuwen tapast hat ek brûkt wurde as in oplossing foar it trochgean litten fan it projekt fan it Wetterskip mei de wâlskanten by Grou?</p> <p>10. Kin de wei dy't de provinsje Flevolân by de twa bedriuwen tapast hat ek brûkt wurde as in oplossing foar it legalisearjen fan PAS-melders en oare knelgefallen yn Fryslân?</p> <p><b>Hoe fierder?</b></p> <p>11. Wat binne de konsekwinsjes fan de oanhouden fergunning op it projekt fan de wâlskanten by Grou? Kin it projekt op in letter momint noch troch gear? Wannear soe dat wêze kinne?</p> <p>12. Bliuwe de fûnsen (û.o. POP3) beskikber foar it projekt as dat letter útfierd wurdt? En hoe lang bliuwe dy fûnsen beskikber?</p> <p>13. Wat docht de provinsje om de doelen fan de KRW op dizze lokaasje dochs te heljen, as it projekt foarearst net trochgiet?</p>
--	--

Yntsjinner(s)	FNP, Tjitte Hemstra
---------------	---------------------

Datum	21 novimber 2023
-------	------------------

<sup>8</sup> [Stikstof geen belemmering voor woningbouw Utrecht en agrariërs Flevoland \(rechtspraak.nl\)](https://www.rechtspraak.nl/Stikstof-geen-belemmering-voor-woningbouw-Utrecht-en-agrari%C3%A9rs-Flevoland-rechtspraak.nl), ECLI: NL:RBMNE:2023:6105 en ECLI:NL:RBMNE:2023:6106.